

Krisis

wize: Alain Oulman ('Naufragio')

wurden: Doede Veeman

as banken falle
bedriuwen slute
en al it sparjild
ferkrommelt
bin do en ik
noch altyd by elkoar
noch hyltyd lokkich
en ryk fan leafde

lit it regear
no mar erger tinke
en beurzen
djip de grûn yn sinke
wy wolle laitsje
wille meitsje
de krisis
sil ús net reitsje

as oalje aanst op is
de ierdgasbel leechsûgd
en it elektrysk
op 'e bon komt
sitte do en ik
noch fol mei enerzjy
noch oeral hinne
alles begjinne

stiet aanst it lân
fol mei wiete plakken
en autodiken
fol autowrakken
wolle wy laitsje
wille meitsje
de krisis
sil ús net reitsje

